

US WURK L (2001), p. 85

**[0775] IT IS SJESA GELEGEN: PRESINTATIVE FERSTERKING
FAN DEMONSTRATIVE ILEMINTEN YN IT WESTERLAUWERSK
FRYSK, IT SEALTERSK EN OARE TALEN**

Jarich Hoekstra

Summary

*This article deals with some aspects of presentative intensification of demonstratives in Frisian and other languages. Modern West Frisian shows the beginnings of the development of a paradigm of demonstratives (i.e. demonstrative pronouns and adverbs) intensified by the presentative *sjuch* 'look'. Saterlandic, an East Frisian dialect, presents an even clearer example of this phenomenon; here we find a fullfledged paradigm of demonstratives intensified by *ke-* (from the presentative *kiek* 'look'). Similar instances of presentative intensification of demonstratives can be found in other Germanic and non-Germanic languages. The properties and the development of such intensified demonstratives are discussed in some detail.*

0. Oanrin

Fersille foarbylden út 'e Nijfryske literatuer suggerearje dat der yn it Westerlauwersk Frysk oansetten west ha ta it foarmjen fan in paradigma fan demonstrative ileminten fersterke troch it presintative *sjuch*. Yn dit artikel besprek ik in stikmannich aspekten fan it ferskynsel fan presintative fersterking fan demonstrativen yn it Frysk en oare talen. Alderearst jou ik in koarte beskriuwing fan it demonstrative systeem fan it Frysk (paragraaf 1). Dan besprek ik in spesjaal slach fan deiktyske ileminten dat nei besibbe is oan 'e demonstrativen, te witten de presintativen (paragraaf 2). Fierders gean ik nei hoe't demonstrative ileminten yn it Frysk fersterke wurde kinne (paragraaf 3). Ik sil dan foarbylden bybringe fan it fersterkjend gebrûk fan presintatyf *sjuch* yn it Frysk (paragraaf 4). Dêrnei sil ik sjen litte dat presintative fersterking fan demonstrative ileminten in muoi algemien ferskynsel is dat hyn ofte nei net ta it Westerlauwersk Frysk beheind is (paragraaf 5). It artikel wurdt ôfsletten mei in koarte konklúzje (paragraaf 6).

2. 1. *Demonstrative deiksis yn it Frysk*

It Frysk hat lykas oare talen in stikmannich ileminten dy't foar har yn-terpretaasje yn ienfâldige sinnen ôfhinklik binne fan in ferwizen nei skaaimerken fan 'e bûtentalige kontekst (sprekker/harker, plak neffens de spreker/harker, tiid fan 'e utering), de saneamde *deiktyske* útdrukkingen (ferl. Anderson & Keenan (1985)). Dêrta hearre bygelyks de demonstrative proadverbia en pro-nomina. Yn (1) jou ik in oersjuch fan it systeem fan demonstrative deiksis yn it hjoeddeiske Frysk:

(1)	[+proks]	[-proks]
<i>oanwizende bywurden fan plak</i>	hjr	dêr
<i>oanwizende bywurden fan tiid</i>	no	doe - dan
<i>oanwizend bywurd fan wize</i>		sa
<i>oanwizende foarnamwurden</i>	dizze/dit	dy/dat
		sa'n/ sok(ke)

De term *demonstratyf* wurdt gauris allinnich brûkt foar oanwizende foarnamwurden. Ik haw him hjir hiel rom nommen en der mei Diessel (1999:2, 74-78) ek de oanwizende bywurden fan plak en wize, en mei Anderson & Keenan (1985:297) de oanwizende bywurden fan tiid ûnder beflapt. As arguminten foar it gearnimmen fan al dy foarmen kin men ûnder oaren bybringe, dat oanwizende foarnamwurden likegoed deiksis fan plak, tiid as wize oantsjutte kinne (sjuch hjirûnder) en dat alle foarmen yn (1) yn prinsipe (presintative) fersterking ûndergean kinne. Dat oanwizende bywurden fan plak, tiid en wize har by fersterking as in natuerlike klasse hâlde en drage, kin men bygelyks ek obstrewearje yn it Yslânsk, dêr't sokke bywurden allegear fersterking mei it efterheaksel *-na* undergean kinne, ferl. *hér(na)* 'hjr(re)', *þar(na)* 'dêr(e)'; *nú(na)* 'no'; *svo(na)* 'sa'.

Sa't (1) sjen lit, hat it Frysk yn 'e measte gefallen in twaliddich systeem fan demonstrative deiksis, dat ûnderskie makket tusken *proksimaal* (by it deiktysk sintrum = sprekker, it stuit fan 'e utering) en *net-proksimaal* (fan it deiktysk sintrum ôf). It Frysk kipt der (lykas it Hollânsk) wat út, om't it by it [-proks] oanwizende bywurd fan tiid fierder ûnderskaat tusken foar en nei it stuit fan 'e utering; de oanbuorjende Germaanske talen dogge dat net, ferl.

Ingelsk *then* ‘doe; dan’, Dútsk *dann* ‘id.’. Allinnich by it oanwizende bywurd fan wize *sa* en it dêrmei gearstalde oanwizende foarnamwurd *sa’n* is it ûnderskie tusken ‘deunby’ en ‘fierôf’ hjoeddedei neutralisearre. Der binne lykwols oanwizingen, dat dat ûnderskie der eartiids al wie. De [+proks] foarm fan it eartiids [-proks] *sa* wie *dus* (âlder *dos*), dat noch te finen is yn *dus en sa* (Holl. *zus en zo*), *aldus* (ferl. *alsa*) en *duslang* (ferl. *salang*). En de [+proks] foarm fan eartiids [-proks] *sa’n/ sok/sokke* is it ferâldere *dok/dokke* (ferl. WFT 4, s.v. *dok*). Allyksa ferâldere binne de oanwizende bywurden fan rjuchting *harren* ‘hjrhinne’ en *darren* ‘dêrhinne’, dy’t korrespondearje mei de oanwizende bywurden fan plak *hjr* en *dêr*.

Oanwizende foarnamwurden soe men wat de betsjutting oanbelanget (út ‘en rûgen) beskôgje kinne as beskate lidwurden mei in ynkorporrearre demonstratyf bywurd. Ferlykje *dit hûs* (= ‘it hûs hjir’), *dit konsert* (= ‘it konsert no’), *dit gebeart* (= ‘it gebeart sa’). Dy ynkorporaasje sjucht men om sa mar te sizzen foar eagen yn it oanwizende foarnamwurd *sa’n*, dat in gearranging fan it oanwizende bywurd fan wize *sa* en it ûnbeskaat lidwurd is. Ferlykbere gearrangingen fan in oanwizend bywurd fan plak en it beskaat lidwurd hat men yn Noardfrysk *deheer/dediar* ‘dizze/dy’ en Afrikaansk *hierdie/daardie* ‘dizze/dy’.

Oerbliuwsels fan in âld trijeliddich deiktysk systeem (by de sprekker [+proksimaal, -distaal], fan ’e sprekker ôf [-proks, -dist], fier fan ’e sprekker en harker ôf [-proks, +dist]) oppenearje har mooglik yn wurden dêr’t it âlde distale demonstratyf *jin-* yn stiket, lykas it foarnamwurd *jinge* (*dizze en jinge, dejinge*) en de bywurden *jinsen* en *jinder*.

2. Presintativen yn it Frysk

In apart slach fan deiktyske ileminten dat nei besibbe is oan ’e demonstrativen, binne de saneamde *presintativen*, útropeftige wurdjes ‘which are used to indicate an item’s location or to signal its appearance in (or relative to) the observational field of the Sp[eaker]’ (Anderson & Keenan (1985:279)). Fillmore (1982:47) neamt se ek ‘sentential demonstratives’. Bekende foarbylden binne Frânsk *voici/voilà* ‘sjedêr’ en Latynsk *ecce* ‘sjuch’.

Fryske presintativen binne *hjr/dêr, hin/hen* en benammen *sjuch*. In foarbyld fan it oanwizend bywurd fan plak yn syn presintative funksje hat men bygelyks yn:

(2) **Dêr** hûn, hast in bonke!

US WURK L (2001), p. 88

Nijsgjirrich is it presintative ilemint *hen/hin/hun* (ferl. WFT 8, s.v. *hen*), dat te finen is yn 'e neikommende sinnen (boarneoantsjuttingen hjir en tenei neffens it WFT):

- (3) a. Ind **hen**, di himelen iepennen hjar foár him. [J.H. Halb., *ewangeelje* III (1858)]
- b. **Hen**, de dage/Komt op, it wirdt al read oan 't swirk. [P.J. Troelstra, *rispinge* 150 (1909)]
- c. En **hèn**, dêr yn it noardwesten seach er dêr net in stjer? [P. Akkerman, *ljocht* 103 (1950)]

Dat *hen* yn dit gebrûk suver as (de hjittende foarm fan) in tiidwurd opfette wurdt, docht bliken oan it feit dat it ek wolris mei it modale partikel *ris* foarkomt:

- (4) En **hen** ris, jongfaem! hwet het dy jonge moaije hânnen en hwet in feardige nekke. [G.P., *S. en R.* 181 (1897)]

It wenstichste presintatyf yn it hjoeddeiske Frysk is lykwols *sjuch* (Ype Poortinga wiist der yn in opjefte foar it WFT op dat *hen* ek wolris tautologysk mei *sjuch* brûkt wurdt: *Sjoch hun!*). Feitliks moat men yn it Frysk twa soarten fan *sjuch* ûnderskiede: (1) presintatyf *sjuch*, dat ornaris oan it begjin fan 'e sin stiet (ferl. *Sjuch, dêr fljucht in earrebarre!*) en (2) eksplikatyf *sjuch*, dat meast oan 'e ein fan 'e sin foarkomt (ferl. *Ik hie de trein fersitten, sjuch*). Eksplikatyf *sjuch* is sûnder mis troch haplology ûntstien út *sjugg' jo* [sjəjə]. Dat docht klare bliken oan foarbylden út wat âlder Nijfrysk lykas deselden yn (5), dêr't men de folle foarmen noch fine kin (tink ek om 'e wikseljende skriuwwize):

- (5) a. Dat blaesde 'r my yn 'e earen, en ik naem alles for goede munt op, **sjuch je!** [W. Vrijburg, *adam* 13 (1904)]
- b. Ik wenje by mefrou Smul to Heidewâld, ef ljeaver, dêr haw ik wenne, **sjuch-je**, hwent ik bin op dit stuit ... bûten tsjinst. [*ibid.* 12]
- c. En no kaem ik er efter, dat er hjir hinne tein wie, om en plak as opperfeint ef sa hwet, **sjuchje**. [*ibid.* 18]

3. Fersterking fan demonstrative ileminten

Demonstrative ileminten wurde gauris fersterke. Sa kinne de oanwizende foarnamwurden *dit* en *dat* en de oanwizende bywurden fan plak *hjr* en *dêr* (lykas de korrespondearjende fraachwurden *wat* en *wêr*) yntinsivearre wurde mei it efterheaksel *-e*. Ferlykje:

- | | | | |
|-----|-------|-------|---------|
| (6) | ditte | datte | (watte) |
| | hjrre | dêre | (wêre) |

Demonstrative ileminten fersterkje inoar ek gauris. Oanwizende foarnamwurden kinne bygelyks foarkomme yn ferbining mei oanwizende bywurden fan plak:

- (7) dit boek *hjr(re)*
dy man *dêr(e)*

Ferlykje fierders gearsette oanwizende ileminten lykas *hjr(sa(nne))*/*dêr(sa(nne))* en *dêr(jinse)*.

Typysk foar it noardeasten fan Fryslân is fersterking fan selsstannich brûkte oanwizende foarnamwurden mei it idintifisearjende eigenskipswurd *selde*, dat ek gauris ta de demonstrative ileminten rekkene wurdt (ferl. Hoekema (1963)):

- (8) - Hokker wolst ha?
- Dizze (*selde*) / Dy(*selde*).

Lykskikkingen fan twa gelikense demonstrative ileminten ha in distributive betsjutting:

- (9) dy en dy (wa en wa?)
dêr en dêr
doe en doe
sa en sa

Lykskikkingen fan 'e [+proks] en de [-proks] foarm fan demonstrative ileminten ha in ûnbeskate betsjutting:

US WURK L (2001), p. 90

- (10) dizze en jinge
dit en dat
hjir en dêr
no en dan
dus en sa

Demonstrativen kinne ek fersterke wurde troch útropwurden. In moai Frysk foarbyld is hjir de fersterking fan *sa('n)* troch *o (oe)* of *och*:

- (11) a. Hy wie **o sa** freonlik.
b. Hju hienen **och sa'n** wille.

Yn âldere teksten fynt men sels noch wolris in útropteken efter *o* en *och*.

4. Presintatyf sjuch as fersterker fan demonstrative ileminten yn it Frysk

Presintatyf *sjuch* kin ek brûkt wurde as fersterker fan demonstrative ileminten. Dêrby ferskynt it wol gauris as in foech foarheaksel yn de redusearre en (dus) ûnbeklamme foarm *sje-* (of *sjê-*, út in âlde ymperatyffoarm *sjea* of *sjen?*). It liket derop dat der yn it Frysk in tendins west hat ta de ûntjouwing fan in paradigma fan mei *sje-* prefigearre demonstrativen. Ferlykje (12):

- (12) ?sjehjir sjedêr
 *sjeno *sjedoe/*sjedan
 sjesa

 sjedizze, sjedit sjedy, sjedat
 sjesa'n, sjesok(ke)

De foarm mei in fraachteken, *sjehjir* haw ik oant no ta gjin fynplakken fan fûn, mar hy liket my yn prinsipe net ûnmooglik ta, om't *sjedizze* en *sjedit* àl oerlevere binne. Faaks wurdt in presintatyf ynearsten lykwols minder gau kombinearre mei in demonstratyf dat al oantsjut dat eat deunby de sprekker is en dus min ofte mear fansels yn it eachweid ('observational field'). Foarmen lykas **sjeno* en **sjedoe*/**sjedan*, gearsettingen fan presintatyf + oanwiizend bywurd fan tiid, komme yn it Frysk foar 't neist hielendal net foar. In

US WURK L (2001), p. 91

presintatyf, dat wat yntrodusearret yn it eachweid, is faaks net rjucht te ferienigjen mei in bywurd dat wat yn 'e tiid lokalisearret. Wy sille lykwols aansten noch sjen dat sokke foarmen net alhiel útsletten binne, at it presintatyf grammatikalisearre is ta in suver fersterkjend foarheaksel (sj. paragraaf 5.1.).

Ik jou hjirûnder in stikmannich foarbylden fan it gebrûk fan demonstrativen dy't mei in presintatyf fersterke binne. It sil bliken dwaan dat gâns dêrfan út it wurk fan Jan Jelles Hof komme, dy't sokke foarmen dúdliker-nôch kultivearre en ta in eigen stylskaaimerik ûntwikkele hat. Mar se binne net in apartichheid fan Hof allinne, men fynt se sa tydlingswei ek by oare skriuwers.

By de foarm *sjedêr* moat ik fuortendaliks sizze dat dy yn it Frysk wol foarkomt, mar allinnich yn 'e selde funksje as Hollânsk *ziedaar* (en Frânsk *voilà*), ntl. as (gearstald) presintatyf. Ik haw oant no ta gjin foarbylden fûn fan *sjedêr* yn demonstratyf gebrûk (bgl. **Hja wennet sjedêr*).

De foarm *sjesa* kin yn it Frysk op twa menieren brûkt wurde (ferl. Fr. W. (1984) s.v. *sjesa*). Yn it foarste plak kin er funksjonearje lykas Hollânsk *ziezo*, d.w.s. as in foech fersterking fan it konkludearjende *sa* (ferl. *Sa/Sjesa, dat ha wy ek mar wer hân*). Mar *sjesa* kin ek in fersterking fan demonstratyf *sa* wêze. Ferlykje dêrta bygelyks

- (13) a. Me moat altyd **sjê-sa** tinke, Bijke wier nin minske, hwent oars scoed er wol wizer wêst ha. [J.J.Hof, *S. en R.* 339 (1899)]
b. En it stiet **sje sa**, jy moatte by 't hjerst jo mar fen de heale hier ôfsette. [M. Miedema, *S. en R.* 274 (1901)]

It 'foarheaksel' *sje-* kin ek foar *safolle* brûkt wurde. Alleast sa kin men it by Jan Jelles Hof fine:

- (14) a. ...alle wiken **sju safolle** ôfbitelje... [J.J. Hof, *Fr. & F.* (5-4-1946)]
b. Ik wist dat ik net mear romte nimme mocht as **sjêsafolle** [J.J. Hof, *jier I* 112 (1940-1942)]

Yn syn beide funksjes kin *sjesa* him ek yn 'e foarm *sis*a oppenearje (ferl. Fr. W. (1984) s.v. *sis*a). Ferlykje de neikommende oanhalen:

- (15) **Zij za** ris! war rinstou dan alle heel wol! [*Aagtje IJsbrents* 5, r. 15 (1779)]

US WURK L (2001), p. 92

- (16) Dou mast **sie sà!** tinke - sei moaike - jimme omke keapet gjin katten yn 'e sek. [G.P., *S. en R.* 180 (1897)]

Yn 'e earste opslach tinkt men by *si-* faaks oan it Hollânske *zie-*, mar it is ek mooglik dat *si-* yn it ûnbeklamme wurdlied út *sje-* ûntstien is (ferl. Tamminga (1963:150); sjuch foar de wiksel *jeli*, Visser (1992)).

De foarm *sjedizze* 'deze hier' wurdt ienris neamd yn Gosses (1944:13). Foarbylden fan it brûken fan 'e foarm *sjedit* binne

- (17) a. Wy moatte, tinkt my, **sjê-dit** bitinke... [J.J. Hof, *jier I* 130 (1940-1942)]
b. Ik wol dan **sjudit** mar sizze: hwat histoarysk groeid is, kin men faeks wol bûge, mar brekke mei men neat. [J.J.Hof, *Fr. en F.* (23-11-1945)]

De foarm *sjedat* fynt men yn 'e neikommende gefallen:

- (18) a. **Zij det** y matte ris mei mij snuive! [*Aagtje IJsbrants* 5, r. 15 (1779)]
b. **Sia-det** bikumt my ny. [T.G. v.d.Meulen, *Iduna* 66 (1851)]

It foarbyld yn (18a) is my net alhiel dúdlik, mar at it dêr wier om in gefal fan *sjedat* giet, is it wichtich, omt hjir de fariant mei *si-* ferskynt. Om't yn it Hollânsk **ziedat* net foarkomt, soe dat der op wize kinne, dat *si-* yn it Frysk yndie 'lûdwettich' út *sje-* ôflaat wurde moat.

It oanwizend foarnamwurd *sa'n/sok(ke)* wurdt, benammen yn it wurk fan Jan Jelles Hof, ek gauris mei *sje-* prefigearre. Ferlykje:

- (19) a. De klank harmonye bistiet (...) as de wirden **sjêsa'n** bitsjutting hadde, det men se foart, sûnder erch, meiinoar yn forbân bringt. [J.J. Hof, *Heit.* 87 (1923)]
b. Dat iepenbjirre him dan meast op **sjêsa'n** menear, as naem er it hiele libben en teminsten de geleardens foar mallichheid. [J.J. Hof, *jier I* 205 (1940-1942)]
c. Men kin immen dêr't men mei yn forbining stiet op **sjêsa'n** wize as de hear Kalma den mei my stean scoe, ûnderwilens doch min de puchel fol skelde. [J.J. Hof, *jier III* 285 (1940-1942)]

US WURK L (2001), p. 93

d. ... mei det er de hear Sipma syn klacht **sjêsa'n** draei joech, det ik foarsteld waerd as in falskert. [J.J.Hof, *De saek Wielsma-en-Sipma - Hof* 1 (1913)]

(20) Det scil den fen **sjêsokke** gefolgen wêze det oer in jiermennich ús *hie*le taelbiweging der west hat. [J.J. Hof, *jier III* 362 (1940-1942)]

Yn gefallen dêr't *sjuch* folút en los fan it demonstrative ilemint skreaun wurdt (gauris noch mei in útropteken), kin men der net alhiel wis fan wêze oft it hjir noch om twa wurden of om ien gearstald wurd giet. Ferlykje sokke oanhalen as

- (21)
- a. **Sjuch! dit** is just it great ûnderskie twisken him en ús: Hy libbet *yn* - wy libje *bûten* ús wrâld! [J.J. Hof, *S. en R.* 2 (1899)]
 - b. De domenys, **sjoch! dy** hawwe 'n tekst, weroer hja preekje, en dat is alteast 'n oanrin, 'n oanlieding, om fierder to praten. [H. Laurman Wassenaar, *Fr. V. Alm.* 155 (1886)]
 - c. **Sjuch, det** is it just hwet ik tsjin ha op jimme gedoch. [J.J. Hof, *S. en R.* 60 (1898)]
 - d. En yn 'e skiedboeken wol ik stean, **sjoch! det** wol ik. [*S. en R.* 370 (1890)]
 - e. **Sjuch sokke** en mear oare dingen fen dy aerd makken det Sjouke mei al syn jild neat yn tel wie. [*S. en R.* 386 (1901)]

Yn al de foarbylden fan presintative fersterking fan demonstrativen dy't ik hjirboppe jûn ha, hat *sje-* syn presintative betsjutting ferlern en is it ta in fersterkjend foarheaksel wurden. It wurdt dêrby wol gauris yn haadsinnen brûkt as 'steedhâlder' fan in neikommende bysin of in nei de funksje ûnderskikte haadsin (ferl. (13), (16), (17), (19) en (20)). Mar it moat fansels oarspronklik ûntstien wêze yn gefallen dêr't it noch wier presintatyf wie, d.w.s. eat yn it eachweid yntrodusearre. Bytiden kin men dat presintative gebrûk noch werom yn 'e foarbylden, benammen at dy om in gebeart fan sjen-litten freegje. Ferlykje:

(22) Ik scoe er moarn op ta mei **sjoch! dit** lîts presint. [A. Boonemmer, *It oarde boask* 14 (1865)]

US WURK L (2001), p. 94

- (23) Mîn eagen kniep ik ta, / End mei mîn hondon - stoe 'k **sia-sa** (*)!
(* Foar da earon [Van Motman, *Iduna* 152 (1852)])
- (24) a. En ik kin wrychtich kin 't my net bigripe dat it dy yette net **sjè-sa'n** ein ta de kiel úthinget. [J.J. Hof, *S. en R.* 52 (1898)]
b. It moeit my safolle hierren as ik op de holle haw, det ik mar - **sie sa'n** krom útlitten haw. [G.P., *S. en R.* 334 (1899)]
- (25) a. Fen alles hwet-st-der nou bij'noar thocht haste, is **sjuch sa folle** (...) net fen oan. [S. Koopmans, *wikje* 24 (1884)]
b. It bern het hier al jieren forkeard (...) en nea ha 'k fen har ûnearlikens **sî sa fulle** bispeurd. (*Hia stríkt mei de hannen oer end or.*) [T.G. v.d. Meulen, *moarn* 46 (1871)]
c. Mar hwet hadde se dien? Rejaelwei sein: neat. Net **sjêsafolle!** [J.J. Hof, *Y.ú.e.t.* 184 (1911)]
d. Al soe 'k nou oars skriuwe as doe, dàt ik doe oan 't opspatten west hab, moeit mij net **sjêsafolle**. [J.J. Hof, *jier I* 69 (1940-1942)]
e. Bearn Dykstra, dêr mocht nimmen **sjêsafolle** op to sizzen ha! [D. Nieuwenhuis, *libbensdoel* 70 (1916)]

Fansels betsjut it brûken fan dizze foarmen yn skreaune taal al in beskate abstraherring fan it wiere presintative gebrûk: men moat it oanbelangjende gebeart eksplisyt beskriuwe (lykas yn 'e 'tenieloanwizingen' yn (23) en (25b)) of it derby tinke.

5. Presintative fersterking yn oare talen

Presintative fersterking fan demonstrative ileminten is in ferskynsel dat net beheind is ta it Westerlauwersk Frysk. Krektoarsom, it komt yn alderhanne talen foar en wol gauris frijwat mear prononsearre as yn it Westerlauwersk Frysk, dêr't men, sa't ik hjirboppe sjen litten ha, inkeld fan in tendins prate kin. In skoander foarbyld fan it ferskynsel is te finen yn in oar Frysk dialekt, nammentlik it Sealtersk. Dat besprek ik yn paragraaf 5.1. Yn paragraaf 5.2. jou ik noch in stikmannich foarbylden út oare talen as it Frysk.

US WURK L (2001), p. 95

5.1. *Sealtersk*

Yn it Sealtersk wurde de foarmen fan it beskate lidwurd ek as oanwizende foarnamwurden brûkt. Ferlykje:

(26)	<i>mask.</i>	<i>fem.</i>	<i>neutr.</i>	<i>plur.</i>	
	<i>nom.</i>	di	ju	dät	doo
	<i>obl.</i>	dän	ju	dät	doo

Dêrnjonken bestie der lykwols in folslein paradigma fan fersterke oanwizende foarnamwurden dy't fan deselden yn (26) foarme binne mei in foarheaksel *ke-* (ferl. Minssen (1849:250; 1956:16,28-29), Siebs (1901: 1259,1357), Fort (1980:199), Kramer (1982:22)). De oanbelangjende foarming binne dan ornaris fierder redusearre, mei't de ynterfokalyske *d* ta *r* wurden is en de schwa fan it foarheaksel weifallen is.

(27)	<i>masc.</i>	<i>fem.</i>	<i>neutr.</i>	<i>plur.</i>	
	<i>nom.</i>	ke <i>di</i> (kri)	ke <i>ju</i> (kju)	ke <i>dät</i> (krät)	ke <i>doo</i>
	<i>obl.</i>	ke <i>dän</i> (krän)			

Fort (1980:199) jout as meartalsfoarm de (Ramsloher?) foarm *kjo*, dy't grif ûnder ynfloed fan 'e froulike foarm *kju* en it persoanlik foarnamwurd fan 'e 3de persoan meartal *jo* 'hja' ûntstien is. Siebs (1901:1357) jout foar froulik en meartal de foarmen *k(r)îû* en *k(r)îô*, mei in opsjonele *r* (út 'e oare foarmen fan it paradigma?).

Ferlykje de neikommende foarbylden (sjuch foar de ôfkoarte boarneoantsjuttingen it *Näi Seelter Woudebouk* (NSW); yn 'e oanhalen út Minssen syn wurk binne om typografyske reden inkelde lûdletters mei it lingteteken ^ troch dûbelde lûdletters werjûn):

- (28) a. Azz dii fóórman dääréttter fréégede, woo det tóógeen wazz, quadd djuu: “**kedii** medd siin Húúnde hädd mii fon doo dūūwele erléézed.” [Minssen (1970:43)]
‘Doe’t de foarman dernei frege hoe’t dat om en ta gien wie, sei se: Dy mei syn hûnen hat my fan 'e duvels ferlost’

- b. Kyk, sofûl jiere tjonje ik di nû ûn ik hebbe silerge nog niks jûn di deein, man dû hest mi silerge nog nit an bok raet, dat ik mi med mîn frunde fraue kûde, man nû, wir **kri** sûn wirkemen is, di sîn fermougen op sljochte ort ûn wise trogbrogt hed, letst dû him det fatst koleg slagkje. [Botke (1934:48)]
'Sjuch, safolle jierren tsjinje ik dy no en ik ha nea net wat tsjin dy dien, mar do hast my noch nea net in bok jûn, dat ik mei myn freonen wille ha koe, mar no, no't dy sûn weromkommen, dy't syn fermogen der op in sljochte wize trochbrocht hat, litst foar him it fetste keal slachtsje'
- c. Hier, **kri** dâr, die hâr dât utfreeten [Tg]
'Sjuch, dy dêr, dy hat it útfretten'
- d. 's ee_{nds} biifúúl dii hâar him un quadd: "Meenedder uum agt úure häästuu mii **kedén** boom déélhauen medd **kjuu** ääkse!" [Minssen (1970:36)]
'De jûns hiet de hear him en sei: Moarnier om acht oere hasto my dy beam omkapt mei dy haksebile'
- e. fon **kjuu** tiid an [Minssen (1965:175, s.v. *tîd*) 'fan dy tiid ôf'
- f. **Kju**, kreer, ju was Fäseliwende ju Hexe [Tg]
'Dy dêr, dy wie mei festeljûn de hekse'
- g. **Krät** Saaks is tou stump [Tg]
'Dat mes is te stomp'

De literatuer is net botte dúdlik oer de krechte funksje fan 'e prefigearre demonstrativen. Minssen (1849:250) skriuwt oer de *ke*-foarmen: "Dies entspricht dem deutschen: 'jener da' und weist hin auf einen entfernteren Gegenstand." Foar him tsjutte de *ke*-foarmen sa't it liket neffens de net-prefigearre foarmen in ekstra diminsje fan lokale deiksis oan. Fort (1980:199) set se ek oer mei Dútsk 'jener, jene, jenes'. Dêrfoaroer wol Siebs (1901:1357) der just op út dat de *ke*-foarmen it [+proks] oanwizende foarnamwurd út it stee wrotten hawwe:

Im Stl. sowie im Nordfriesischen ist dieses Pronomen ['dizze/dit', J.H.] (...) durch andere Bildungen verdrängt worden, und zwar im Stl. durch das substantivisch und adjektivisch gebrauchte Mask. *krî* 'der hier' Fem. *k(r)îû* Neutr. *kræt* Plur. *k(r)îô*.

US WURK L (2001), p. 97

Kramer (1982:22) seit oer de *ke*-foarmen dat se fersterkjend binne en fierders noch dat se komselden brûkt wurde en meastentiids substantivysk. Hy jout it foarbyld *dissen Mon nît, man kri* ‘diesen Mann nicht, aber jener’.

Dat de *ke*-foarmen neffens de foarmen dêr’t se fan ôflaat binne in distân-sjeûnderskie oantsjutte, in oare kategory fan lokale deiksis foarmje, sa’t yn ’e literatuer meastentiids suggearre wurdt, hat net folle eigenskip. Hja koene nammentlik yn prinsipe op basis fan alle demonstrative ileminten foarme wurde dy’t yn it Sealtersk foarkomme. Njonken *ke*-ôfliedingen yn (27) besteane der bygelyks ek *ke*-foarmen op basis fan it [+proks] oanwizende foarnamwurd *düsse* (*düzz/dizz*)/*diit* (*dit*), ntl. *krüsse* (*kedüzz/kedizz*) en *ke*dit (ferl. Minssen (1965:16)):

- (29) a. hiir in **kedízz** púlke izz sool_{de} ónne [Minssen (1970:41)]
‘Hjir yn dit fleske sit salve’
b. **Krüsse** Bloumen ruke fluch [Tg]
‘Dizze blommen rûke lekker’

Oan sokke foarmen docht kleare bliken dat *ke*-foarmen net spesifyk op ‘einen entfernteren Gegenstand’ wize en ek dat se net, lykas Siebs úthâldt, de [+proks] oanwizende foarnamwurden ferkringe. Siebs (1901:1357) wiist nammers sels op it bestean fan *ke*-foarmen by [+proks] oanwizende foarnamwurden: "Man findet auch stl. *kryse* ‘dieser hier’ aus **k(i)dyse*."

Oanwizende pro-adverbia kinne yn it Sealtersk ek mei it foarheaksel *ke*-foarkomme. Sa fynt men likegoed by it [-proks] oanwizende bywurd fan plak *deer* ‘dêr’ as by it noch fierder fuort ferwizende *jünner* ‘jinsen’ *ke*-foarmen, ntl. *kedeer* (*kreer*) en *kjünner* (ferl. Minssen (1849:250), Siebs (1901:1357), Kramer (1982:28)):

- (30) a. **Kedää**r häästuu twee_n sginke [Minssen (1970: 23)]
‘Dêr hasto twa skinken’
b. do [rupen] de Wäänte aal: ... “Häärm! **Kreer** lapt en Haze!” [Fort (1985: 105)]
‘dan rôpen de jonges allegear: H.! Dêr rint in hazze!’
c. Dagg dii lítje fent ..., dii kreeg den ízel too s_oon un quadd:
‘bá_ebbe, **kjünner** sta_end uuz ízel!’ [Minssen (1970: 20)]
‘Mar de lytse jonge dy krige de ezel te sjen en sei: heit, dêr(jinsen) stiet ús ezel!’
d. un di Troach, dän noomen wi dan ùn däär füsceden wi gans **kjünner** mäd ätter e wite Brääg wai [B25RS.]

US WURK L (2001), p. 98

‘en dy trôch, dy namen wy dan en dêr fisken wy hielendal
dêrjinsen mei dat út efter ’e wite brêge’

Yn (30a) stiet *kreer* (*kedäär* yn suver presintatyf gebrûk, yn (30b) as fersterke plakoantsjutting.

Minssen (1956:28, s.v. *ke*) sjucht hjir ek wer ferskil yn ôfstân tusken foarmen mei en sûnder *ke*- en ûnderskaat sels twa *ke*-foarmen by *jünner*:

“däär” ist da, dort in unmittelbarer Nähe, während “Kedäär” schon weiter entfernt ist; (...)“jüner” ist: dort in der Ferne, “kîünner” ist noch etwas weiter weg, und “k;úúner” (...) ist so weit weg, daß man den Gegenstand, von dem die Rede ist, nicht sehen kann, sondern nur in unbestimmter Weise die Richtung anzeigt, in der er zu suchen ist.

Foar it ferskil tusken de lêste twa foarmen ferwiist er nei it ferskil tusken twa foarmen fan it wurd foar ‘lyts’ (ferl. Minssen (1965:32-33, s.v. *littiik*): “littiik” ist noch weniger als “lítiik”. In ferlykber ferskil wie der ek tusken ‘*n biitsken* en ‘*n bítsken* ‘in bytsje’ (ferl. Minssen (1965:11, s.v. ‘*n bítsken*)): “‘*n biitsken*’ ist noch weniger als “‘*n bítsken*’” At Minssen gelyk hat, soe it âlde Sealtersk, mei *hiir* ‘hjr’ derby teld, in seisliddich systeem fan lokale deiksis hân ha. Ik soe der lykwols leaver op út wolle, dat, lykas by de oanwizende foarnamwurden, de *ke*-foarmen inkeld in (presintatyf) fersterkjende funksje hiene. By *jünner*, dat ek nei in plak ferwize kin, dat men net sjocht (foar ‘sichtberheid’ as deiktyske kategory, sj. Diessel (1999:41-42)), koe dan faaks noch in neier ûnderskied ûntstean tusken in wier presintatyf fersterkjende *ke*-foarm (in foarm alsa, dy’t wat yn it eachweid yntrodusearret) en in suver fersterkjende foarm (yn it gefal fan ûnsichtbere referinten).

Yn it moderne Sealtersk bestiet *kreer* noch as in wat sterkere njonkenfoarm fan *deer*, te ferlykjen mei Frysk *dêre*. Lykas *deer* kin it kombinearre wurde mei *bääte* ‘after’ en *deer/kreer bääte* betsjut dan wer safolle as ‘(dêr)jinsen’ (ferl. NSW I, s.v. *deerbääte*, 2):

- (31) **Kreer** bääte floitet ‘n Wälp sien Laid. [Lechte-Siemer (1977:84)]
’Dêr jinsen fluitet in wylp syn liet’

Men fynt yn it Sealtersk fierders *ke*-foarmen by oanwizende bywurden fan tiid. Ferlykje it neikommende foarbyld fan in *ke*-ôflieding fan it [+proks] oanwizende bywurd fan tiid *nu* ‘no’:

US WURK L (2001), p. 99

- (32) uuz däälig brooed rääk' uuz **knuu!** [Minssen (1965:30, s.v. *kûts*; 70)
'jou ús no ús deistich brea'

Dat is lykwols it iennichste foarbyld yn 'e Sealter literatuer dêr't *knu* noch syn demonstrative betsjutting hat. It wurd hat nammentlik yn it Sealtersk in betsjuttingsferoaring ta 'lêsten' ûndergien. Men moat jin dy ûntjouwing foar 't neist sa foarstelle, dat *knu* 'no' earst kombinearre waard mei wurden dy't 'lêsten' betsjutten; Minssen (1965:30, s.v. *kuuts*) jout al de gearkeppeling *knuukuuts*, d.w.s. *knuu* 'no' + *kuuts* 'koarts, lêsten'. En yn it hjoeddeiske Sealtersk fynt men noch de gearkeppeling *knulääst*:

- (33) a. Ik was **knulääst** - dä was fergeene Wik - bi Medaljes Häärm
[B105U.]
'Ik wie lêsten - dat wie ferliden wike - by Medaljes Häärm'
b. As'n goud Teeken hirfoar sunt do atom-kundige Forskere **knuläst**
in Genf touhopekemen, uum 'ne internationale Touhope-orbeid
mugelk tou makjen [Ls]
'As in goed teken dêrfoar binne de atoomkundige ûndersikers
lêsten yn Genève gearkommen, om in ynternasjonaal
oparbeidzjen mooglik te meitsjen'

Ut gearkeppelingen fan it slach *knukuts* en *knulääst* is dan *knu* mei de betsjutting 'lêsten' abstraharre. Ik jou yn (34) in pear foarbylden fan it gebrûk fan *knu* yn dy betsjutting:

- (34) a. **Knu** här hi mä 't Autoo Malöör heeuet [B185S.]
'Lêsten haw ik mei de auto meleur hân'
b. Ik bän **knu** in n Kuur weesen [No]
'Ik haw lêsten te kuerjen west'
c. As dät **knu** so fäll waide, do sünt tree Boome urekopp geen [Tg]
'Doe't it lêsten sa fül waaide, doe binne der trije beammen om
gien'

US WURK L (2001), p. 100

Knu ‘lêsten’ kin wer mei it bywurd *deeges* ‘deis’ gearset wurde ta *knudeeges* ‘lêstendeis, okkerdeis’:

- (35) Nu wûl **knudeeges** waas n Artikkel in e Saitùn [B129S.]
‘No, wol, lêstendeis stie der in artikel yn ’e krante’

In ferbining fan *ke-* mei in bywurd fan tiid hie men ek noch yn *kedeermäd*, fan *deermäd*, dat yn it Sealtersk ‘op dat (seldichste) stuit, doe’ betsjutte kin (ferl. NSW I, s.v. *deermäd*, 2):

- (36) a. **kedáármedd** fá_engde dii hóóne oon too kríóóen. [Minssen (1970: 24)]
‘Doe begûn de hoanne te kraaien’
b. nuu diide dii det fínster ääpen, spóngede sik doo njuúke an, un **kedáármedd** floog’r wai! [ibid. 47]
‘No die dy it finster iepen, gaspe him de wjukken oan, en doe fleach er fuort’

By de oanwizende bywurden fan tiid sjucht men dus ek wer, dat *ke-*likegoed mei de [+proks] as mei de [-proks] foarm ferbûn wurde koe.

In ferbining fan *ke-* mei it oanwizend bywurd fan wize *soo* hie men yn ’t Sealtersk yn alle gefallen yn *kesooful* ‘sjesafolle’. By Minssen (1965:38, s.v. *nit u. nigt*) ferskynt dy ferbining yn ’e sterk reducearre foarm *kerzúffel*:

“kerzúffel (ke soo ful) of kerzúffel nit” nicht sieh so viel! wobei man mit den Fingern schnippt.

Minssen syn opjefte bringt jin fansels de Westerlauwerskfryske foarbylden yn (25) yn ’t sin. Ferlykje fierders nochris de oanhaal yn (28b) dy’t mei *kyk*, *sofûl* mooglik de ‘folle’ foarm jout.

Oer it komôf fan it foarheaxsel *ke-* is de literatuer fan ’e miet ôf oan dúdlik. Minssen (1849:250) skriuwt: “Zu vergl. ist das pltt. siidáár leep hee weg! siidáár geit he hen!” En Siebs (1901:1357) is noch eksplisiter:

Wir haben in diesen Fällen einen Vorschlag *ki* (*ke*) anzunehmen: **k(i)dî* wirdt *krî* usw. (...). Hier ist nicht etwa an ein proklitiches germ. **ki* zu denken, das sich ursprünglich an ein vorhergehendes Wort enklitisch angeschlossen haben konnte und = griech. γε (ai. *ha?*) zu setzen wäre,

US WURK L (2001), p. 101

sondern in Anbetracht plattdeutscher Bildungen (*sýdê sýdát* der da, das da) haben wir in *ki* die Spur eines Imperativs *kíkə* 'sieh' zu erkennen.

Ferlykje ek noch Siebs (1901:1259): "Neues Anlaut *kr* ist entstanden im stl. *kri kriû kræt* 'dieses hier' aus **kə'ðî* für **kîk thî* (...)."

It foarheaksel is ûntstien út *kiek*, de ymperatyf fan it Sealterske tiidwurd *kiekje* 'sjen', dy't ek as presintatyf brûkt waard. De Sealterske demonstrativen mei *ke-* binne dus foarbylden fan presintative fersterking fan demonstrativen en steane dêrmei op ien streek mei de Westerlauwerske Fryske *sje-*foarmen. De oarspronklike presintative funksje komt faaks noch út yn it feit dat de measte âlde oanhâlden, nammentlik deselden út it wurk fan Minssen, yn 'e direkte reden steane. Yn (36) kin it brûken fan *ke-* deselde funksje hân ha as in histoaryske notiid, it sabeare aktualisearjen fan wat ferhelle wurdt. Yn 'e rin fan 'e tiid sille de *ke-*foarmen wol suver fersterkjend wurden wêze (it ferskinen mei oanwizende foarnamwurden fan tiid wiist dêr al op) en se moatte dan sa njonkelytsen belies jaan tsjin 'e besteande, inkelde demonstrativen, behalven yn leksikalisearre gefallen lykas *knu* en *kreer*.

5.2. Oare talen

Presintative fersterking fan demonstrative ileminten fynt men ek yn oare Germaanske en net-Germaanske talen. Ik jou hjir as útsetter in pear min ofte mear tafallige foarbylden, dy't sûnder mis mei oaren oanfolle wurde kinne.

Neffens de foarm te ferlykjen mei Sealtersk *kedeer/kreer* is it âldere Hollânske *kedaar*, dat it WNT (VII, I) njonken it presintatyf *ke*, opjout:

kedaar, tusschenw. Verzwakte vorm van *kijkdaar*, de tot een koppeling geworden uitdr. (uitroep) *kijk daar!* Gelijkb. met *ziedaar!*

Weijnen (s.a.:115) neamt *ké*, *ke* en *kedaer* as ynterjeksjes yn it 17de iuske Hollânsk.

De foarmen ferskine as Hollânske ynterferinsje ek yn it Frysk. Halbertsma (sj. WFT, s.v. *kedêr*) hat foar it Hylpersk *ké* 'sjuch' en *ké dêr!* 'sjedêr' opjûn en foar it Lânfrysk *ke dær*. In foarbyld fan de Hylper foarm fynt men ek yn 'e neikommende Midfryske oanhaal:

US WURK L (2001), p. 102

- (37) **Ke déar** myn goede Frjeund 'k beveelje dy de wacht/
'k Schié mei myn rymjen uit en wenske dy genacht.
[Estrikken XLIII, 1718E, 21-22]

Der is fierders ien Nijfrysk (en Lânfrysk) foarbyld (ferl. WFT, s.v. *kedêr*):

- (38) **Ke daer**, der krygget uwz Antje Nigt / Aek de maaling vin dij
bingel. [*Rijmke* (1) (1800)]

It liket der lykwols op dat Hollânsk *kedaar* inkeld in fersterke presintatyf wie (presintatyf *ke* + presintatyf *daar*).

Wiere presintative fersterking fan in demonstratyf ilemint hat men yn 'e neikommende oanhaal út in 19de iusk Twintsk fers:

- (39) Den boom - den zit van ki-indre **kiek / zo völ** - dat heé meut basten.
[W.J.C. van Wijngaarden, *Onze Volkstaal* (1882), oanhelle út Löwik (1990:19)]
'Dy beam, dy sit fan bern sa (sjesa) fol dat hy moat barste'

In oar Twintsk foarbyld, diskear mei *zee* ynstee fan *kiek* en mei in dúdlike presintative betsjutting, is

- (40) Mooder, ik heb alns weer met bracht, hee hef **zee-dat-nich** van mi'j
hählen. niets (Wordt meestal gezegd met een knipbeweging van de
vingers: zie dat niet) [Dijkhuis (1979, s.v. *zee-dat-nich*)]
'Mem, ik ha alles wer meinommen, hy hat neat (sjedat net) fan my
holden'

Dat *zee* en *kiek* yn it Twintsk beide as presintatyf brûkt wurde, docht ek bliken oan it feit dat se inoar fersterkje kinne. Ferlykje:

- (41) **zee kiek**, doar he we joch... [Dijkhuis (1995, s.v. *zeen*)]
'sjuch, dêr ha wy wrachtich...'

Fierder ûndersyk nei presintative fersterking yn it Leechdútsk, dêr't Minssen en Siebs yn ferbân mei de Sealter *ke*-demonstrativen op wize, soe nijsgjirrich wêze; ik ha dêr oant no ta yn 'e literatuer oer it Leechdútsk neat oer fine kinnen.

US WURK L (2001), p. 103

In hiel dúdlik foarbyld fan presintative fersterking fan demonstrativen fynt men yn it Romaansk. Yn it Latyn koene de oanwizende foarnamwurden *ille* en *iste* fersterke wurde mei it presintatyf *ecce* ‘sjuch’ (ferl. Sommer (1914:447)). Dy foarmen hawwe har presintative en fersterkjende funksje ferlern en hawwe har yn it (Ald)Frânsk ûntjûn ta de normale oanwizende foarnamwurden (ferl. Regula (1956)):

- (42) Latyn *ecce + iste* > Frânsk *ce/cet, cette, ces* (eigenskiplik)
Latyn *ecce + ille* > Frânsk *celui, celle, ceux, celles* (selsstannich)

De details fan dy ûntjouwing, dy't sûnder mis gearhinget mei it ûntstean fan it artikel yn 'e jongere Romaanske talen (d.w.s. it ferswakjen fan 'e oarspronklike Latynske demonstrativen ta lidwurden) lit ik hjir gewurde. It presintatyf *ecce* stiket ek yn 'e Frânske oanwizende bywurden fan plak *ci* (en *ici*) ‘hjr’ (< *ecce hic*) en *çà* ‘hjr’ (< *ecce hac*).

Ta beslút in foarbyld fan presintative fersterking fan demonstrativen út in Slavyske taal. Yn it Tsjechysk kin it oanwizend foarnamwurd (m. *ten*, f. *ta*, n. *to*, ensfh. ‘dizze, dy; dit, dat’) yn 'e sprektaal op alderhanne manieren mei partikels fersterke wurde (ferl. Bauernöppel et al. (1989:74), *Příruční mluvnice češtiny* (1995:217,223,291)): mei *-to* (*tento*, ensfh.), *tam-* (*tamten*, ensfh.), *tamhle-* (*tamhleten*, ensfh.) en mei *-hle* (*tenhle*, ensfh.). Yn it lêste gefal kin ek ferdûbeling plakfine (*tenhleten*, ensfh.). Nijsgjirrich is it komôf fan 'e fersterkjende partikels. It earste *-to* (faaks de neutrale foarm fan it oanwizend foarnamwurd as fersterking brûkt) litte wy hjir gewurde. It twadde *tam-* komt fan it oanwizende bywurd *tam* ‘dêr’; *tamten*, ensfh. is sadwaande te ferlykjen mei Afrikaansk *daardie*. It tredde partikel *-hle* hinget gear mei it tiidwurd *hledit* ‘sjen’. Dat, gearstalde oanwizende foarnamwurden op *-hle* steane, ôfsjoen fan it feit dat it presintative elemint efteroan komt, op ien streek mei Fryske oanwizende foarnamwurden mei *sje-* en Sealterske mei *ke-*.

It docht jin gjin nij dat men *-hle* yn it Tsjechysk ek by de oanwizende bywurden fan plak en wize fynt, ferl. *tamhle* ‘dêr, dêrhinne’ (*tam* ‘dêr’), *semhle* ‘hjrhinne’ (*sem* ‘hjrhinne’), *takhle* ‘sa’ (*tak* ‘sa’). It fersterke oanwizende bywurd *tamhle* kin dan wer brûkt wurde om oanwizende foarnamwurden te fersterkjen (ferl. *tamhleten*, ensfh.). De ferdûbeling dy't wy by de oanwizende foarnamwurden obstrewearje koenen (*tenhleten*

US WURK L (2001), p. 104

ensfh.) fynt men ek by de oanwizende bywurden (*tamhletam* ‘dêr’, *takhletak* ‘sa’).

6. Einbeslút

Yn dit artikel haw ik sjen litten dat der yn it Frysk, it Westerlauwersk Frysk en it Sealtersk, oansetten west hawwe ta de ûntjouwing fan in paradigma fan demonstrative ileminten mei presintative fersterking. Presintative fersterking oppenearret him nei alle gedachten it earst by demonstrative ileminten dy't fan harsels al presintatyf wêze kinne, oanwizende bywurden fan plak en wize en dêrmei korrespondearjende oanwizende foarnamwurden. Nei't de suver presintative funksje weiwurden is en it oarspronklike presintative ilemint ta in fersterkjend foarheaksel wurden is, kin dat fierder wreidzje nei de bywurden fan tiid.

Lykas yn 'e measte gefallen fan emfatyske taheakselôflieding is presintative fersterking net botte stabyl. Om't it presintative/fersterkjende ilemint feitliks neat tafoeged dat al net troch it grûnwurd sels útdrukt wurde kin, stiet it frijwat swak. Sagau't it frekwinter wurdt, ferliest it syn emfatyske funksje. It kin dan wer weiwurde lykas men by de measte gefallen fan presintative fersterking yn it Frysk obstrewearje kin. De fersterke foarmen kinne (alleast as foarmen) it libben der allinnich ôfrêde, (1) at se in spesjale grammatikale of stilistyske funksje krije - yn it Westerlauwersk Frysk hat der sa't it liket in lichte tendins west de *sje*-foarmen te brûken as foarnamwurden dy't in bysin oankundigje -, (2) at se folslein leksikalisearje, lykas Sealtersk *knu* 'lêsten', of (3) at se de net-gearstalde foarmen út it stee kringe, sa't men by de ûntjouwing fan 'e Romaanske foarbylden sjen kin.

Tankwurd

Foar har kommintaar op in kladde fan dit stik betankje ik Siebren Dyk, Pyt Kramer en Willem Visser. Pyt Kramer wol ik hjir ek benammen tank sizze foar syn help mei de Sealterske data; hy hat my mei de fynplakken fan *ke*-demonstrativen út syn rynsk Sealter tekstmateriaal tige skewield. Foar syn help mei de Tsjechyske data tankje ik Rudolf Uvíra.

Fach Friesische Philologie
Christian-Albrechts-Universität
Kiel

LITERATUER

- Anderson, Stephen R. & Edward L. Keenan (1985), 'Deixis', yn: Timothy Shopen (red.), *Language typology and syntactic description III. Grammatical categories and the lexicon*. Cambridge University Press, Cambridge.
- Bauernöppel, Josef, Hermann Fritsch & Bernhard Bielefeld (1989), *Kurze tsjechische Sprachlehre*. Volk und Wissen, Volkseigener Verlag Berlin.
- Botke, J. (1934), *Sealterlân, in geakindige skets*. Osinga, Boalsert.
- Diessel, Holger (1999), *Demonstratives. Form, Function and Grammaticalization*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- Dijkhuis, Dinant (1995), *Taal van Haaksbergen*. Twente Akademie, Enschede.
- Dijkhuis, G.J.H. (1979), *Twents in woord en gebruik*. [s.l.]
- Estriken XLIII= *Frysk út de 17de en 18de ieu*. Oanfollingen. Diel I. Fierhinne taret fan A. Feitsma en besoarge fan Teake Hoekema. Frysk Ynstiút RUG, Grins 1969.
- Fillmore, C.J. (1982), 'Towards a Descriptive Framework for Spatial Deixis', yn: R.J. Jarvella & W. Klein (útj.), *Speech, Place, and Action*. Wiley, Chichester, 31-59.
- Fort, Marron C. (1980), *Saterfriesisches Wörterbuch mit einer grammatischen Übersicht*. Helmut-Buske-Verlag, Hamburg.
- Fr. W. (1984) = *Frysk Wurdboek, frysk-nederlânsk*. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal, gearstald troch J.W. Zantema. Osinga, Ljouwert.
- Gosses, Godard (1944), 'Stijgende diphthongen en accentverschuiving in het Fries', in: *Accentwisseling in de diphthongen. Lezingen gehouden voor de dialectencommissie der Nederlandse Akademie van Wetenschappen op 10 November 1943*. N.V. Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij. Amsterdam, 9-17.
- Hoekema, Teake B. (1963), 'Drie syntagmen uit oostelijk Friesland', *Drie-maandelijke Bladen* 15, 72-76.
- Kramer, Pyt (1982), *Kute Seelter Sproakleere*. Ostendorp Verlag, Rhaderfehn.
- Lechte-Siemer, Gesina (1977), *Ju Seelter Kroune*. Ostendorp Verlag, Rhaderfehn.
- Löwik, F.G.H. (1990), *Om de taal van Twente. Historisch overzicht van een taalbeweging*. [Twente Akademie Reeks 3] Broekhuis, Hengelo.

US WURK L (2001), p. 106

- Minssen, Johann Friedrich (1849), 'Vergleichende Darstellung der Laut- und Flexionsverhältnisse der noch lebenden neufriesischen Mundarten und ihres Verhältnis zum Altfriesischen', yn: H.G. Ehrentraut (bes.), *Friesisches Archiv* I. Oldenburg.
- Minssen, Johann Friedrich (1965; 1970), "*Mittheilungen aus dem Saterlande*", fersurged fon P. Kramer ätter de Hondskrift. 2. Beend; 3. Beend, Anhang. Fryske Akademy, Ljouwert.
- NSW = P. Kramer (1992), *Näi Seelter Woudebouk* I, A-E. Op eigen manneboet útjûn, Elst.
- Příruční mluvnice češtiny* (1995), kolektiv autorů ústavu českého jazyka filozofické fakulty masarykovy univerzity v Brně. Nakladatelství Lidové Noviny.
- Regula, Moritz (1956), *Historische Grammatik des Französischen*. Band II. Formenlehre. Winter, Heidelberg.
- Siebs, Theodor (1901), 'Geschichte der friesischen Sprache', yn: H. Paul (bes.), *Grundriß der germanischen Philologie*. Trübner, Straßburg.
- Sommer, F. (1914), *Handbuch der lateinischen Laut- und Formenlehre*. Winter, Heidelberg.
- Tamminga, D.A. (1963), *Op 'e Taelhelling* I. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben. Osinga, Boalsert.
- Visser, Willem (1992), 'Oer -je en -JE. De morfology en fonology fan it einichste wurdziel -je', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 7, 69-87.
- Weijnen, A. (s.a.⁵), *Zeventiende-eeuwse Taal*. Thieme & Cie, Zutphen.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske Taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1984--).
- WNT = *Woordenboek der Nederlandsche Taal*. Nijhoff/Sijthoff, 's-Gravenhage en Leiden (1882-1998).